

Utnûging foar de gearkomste op **sneon 5 jannewaris**, de middeis om 13.30 oere yn Café Wouters, Sophialeane 5, Ljouwert (by it stasjon).

Wurklist, notulist: **Max van der Wijk**

1. **Iepenjen,**
2. **Meidielings en ynkommen stikken**
3. **Ferslach** fan 13 oktober en 3 novimber 2018 (bylagen)
4. **Bestjoerssaken:**
 - a. Utstellen foar foardrachten 2019/20
 - b. Letter ynkommen
5. **Cnossen-Knossen** (hjr njonken)
troch Jelle Cnossen
6. **Skoft**
7. **Ferfoch** fan de lêzing fan Jelle Cnossen
8. **Omfreegjen**
9. **Sluten**

Data 1e helte fan 2019: 2 febr., 9 mrt, 6 apr., 21 sept. (reiske), 12 okt.

Oant 5 jannewaris,


Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

Sneon 5 jannewaris 2019 om 13.30 oere

Cnossen-Knossen

troch Jelle Cnossen

Op 26 maaie 2018 hat it bestjoer fan de Stichting Cnossen-Knossen op in feestlike gearkomste yn de Martinitsjerke fan Boalsert it twadde famyljeboek presintearre. Oan de presintaasje is rom 10 jier histoarysk en genealogysk ûndersyk foarôfgien. It boek befettet njonken in skat oan histoaryske feiten en famyljeferhalen in wiidweidige stambeam, dy't werom giet oant it jier 1400. De famylje wenne doe op twa terpen yn it buorskip Knossens ûnder de reek fan Boalsert. It boek is sawol yn it Nederlânsk as it Ingelsk ferskynd, omdat ûngefear de helte fan de famylje yn de FS en Kanada wennet. Reden werom't it boek op 12 augustus 2018 op in reüny yn Holland (Michigan) oan de famylje dêr presintearre is.



Jelle Cnossen MSc (1949) is sûnt 1998 bestjoerslid fan de Stichting en fan 2008 ôf foarsitter. Hy wie de einredakteur fan en projektlieder foar de realisasje fan it famyljeboek. Nei in loopbaan by de keapfardij, enerzjy- en telekommunikaasje bedriuwen wie hy direkteur fan Cnossen Solutions, in bedriuw dat him dwaande hold mei advisearring en management yn de Telekomsektor. Dêrneist hie hy ferskate maatskiplike en tsjerklike frijwilligersfunksjes.

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!

De lokaasje is **Café Wouters, Sophialaan 5, Leeuwarden.**

Oanfang 13.30 oere. **Tagong is fergees.** Parkeare kinne jo yn de parkeargaraazjes Zaailand en de Klanderij en op it P+R parkearplak Wynhorsterstrjitte efter it stasjon.

Sjoch ek op de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>